



*Bahá'u'lláh*

*De Fjouwer Falleien*

*Bahá'u'lláh*

*De Fjouwer Falleien*

BAHÁ'Í SELSKIP FRYSLÂN

*Opdroegen oan: Lokke Tabak (1935-2002)*



*Bahá'u'lláh*

*De Fjouwer Falleien*

Oarspronklike Ingelske titel: THE FOUR VALLEYS  
© 1986 Bahá'í Publishing Trust, Wilmette, Illinois 60091  
ALL RIGHTS RESERVED

Fryske oersetting: DE FJOUWER FALLEIEN  
© 2009 Nasjonale Geastlike Ried fan de Bahá'ís fan Nederlân  
© 2009 Bahá'í Selskip Fryslân  
ALLE RJOCHTEN FOARBEHÂLDEN

Útjouwer: Bahá'í Selskip Fryslân  
<http://fryslan.bahai.nl>

Oersetting: Ruurd Hoekstra  
Omslach: Greet Hoekstra

NUR 719 / 728  
ISBN 978 90 813969 1 2

## FOAROPWURD

Nei it ferfryskjen fan in stikmannich gebedens en teksten fan de Báb (de Heraut), 'Abdu'l-Bahá (de Soan) en fan Bahá-u-lláh sels ferskynt no foar it earst in folslein geskrift fan Him yn it Frysk.

*De Fjouwer Falleien* wie oarspronklik skreaun yn it Perzysk, is letter oerset yn it Ingelsk en dizze Fryske útjefte is dêrfan wer in oersetting. Dêrby wurdt de gongbere stavering fan Perzyske nammen folge en wurde hjir neist de hoflikens-haadletter ek de wurden dy't nei God en Manifestaasjes fan God ferwize mei in haadletter skreaun.

It geskrift is yn brievefoarm makke en rjochte oan de gelearde Shaykh 'Abdu'r-Rahmán yn de stêd Karkúk yn Kurdistán, tabehearrend oan Iráq. Bahá-u-lláh (1817-1892) skreau dat wurk yn Baghdád inkelde jierren foar Syn Deklaraasje (1863) as Manifestaasje fan God foar it 'no kommende tiidrek'.

Hy knopet yn dat geskrift oan by de gedachtewrâld fan de súfi-beweging (spr. út: súfi), in mystike groepearring binnenyn de Islam dy't al yn de 9<sup>de</sup> ieu út ein set en fan 'e ein 11<sup>de</sup> ieu oant begjin 13<sup>de</sup> ieu in treflike bloeitiid belibbet. As haaddoel derfan wurdt beskôge: it berikken fan Gods neite. En de middels om ta dat doel te slagjen binne gebed, meditaasje en ekstase. Dat mystike godssykjen wurdt yn in poëtysk gewaad hoale en jildt as learber. Sadwaande is yn dy foarm troch dichters as Rûmí (spr. út: Rûmi) en Sá'dí de súfi-beweging ek yn it jûntiidslân bekend wurden.

Yn it foarlizzende mystike wurk fan Bahá'u'lláh wurde de fjouwer paden beskreaun dy't de siele gean kin om de tsjintwurdichheid fan God te berikken. Dy binne karakterisearre troch fjouwer Eigenskippen en Nammen fan God, dy't de godssiker yn elke fallei as it heechste doel sjocht: de Langferbide, de Priizgjenswaardige, de Bekoarlíke en de Beminde. Oan de ein is dêr de folsleine berêsting en oerjefte oan in yntinser bestean yn in hegere werklikheid.

Neist mystyk bestiet it oeuvre fan Bahá'u'lláh út tal fan geskriften op it mêd fan etyk, opfieding en ûnderwiis, religy en wittenskip, wrâldbestjoer, ensf. It úteinlike doel fan Syn Boadskip is it fêstigjen fan in wrâldbeskaving, yn materiële en yn geastlike sin en mei ienheid yn ferskaat. Dan ûntstiet in maatskippij dêr't de spirituele ûntjouwing sintraal stiet en mei omtinken foar de wrâld yn it gehiel likegoed as foar de yndividuele minske en foar de kultuer fan it mindertal.

**Bahá'í Selskip Fryslân**

jan. 2009



## DE FJOUWER FALLEIEN

### Hy is de Sterke, de Wol-Beminde!

O, ljocht fan wierheid, Hisám-i-Dín, de Mylde,  
Gjin prins hat der ea op 'e wrâld west lykas Jo!<sup>1</sup>

Ik bin ferheard wêrom't de bân fan leafde sa abrupt trochsien is en it fêste ferbûn fan ús freonskip ferbrutsen. Is miskien, wat God ferhoedzje mei, Myn tawijing fermindere of hat Myn djippe tagedienens faald, dat Jo My fergetten binne en My wiske út Jo tinzen?

Hokfoar fout fan My hat makke dat Jo Jo geunsten staakten?  
Is dat om't Wy ta de legerein hearre en Jo ta de hegerein?<sup>2</sup>

Of is it om't in inkelde pylke Jo ferdreaun hat fan it slachtfjild?<sup>3</sup> Ha se Jo net sein, dat trou needsaaklik is foar de folgers fan it mystike paad en de wiere paadwizer nei Syn Hillige Oanwêzigens? "Lykwols nei dyjingen dy't sizze 'God is ús Hear' en stânfêstich bliuwe, sille de ingels delkomme ...".<sup>4</sup>

Allyksa is der sein: "Gean stânfêstich troch sa't dy hjitten waard."<sup>5</sup> Dêrom is dat paad de plicht fan harren dy't ferbliuwe yn de oanwêzigens fan God.

Ik doch sa't my sein is en ik bring it boadskip,  
Oft it jo no ried jout of argewaasje.<sup>6</sup>

Alhoewol't ik gjin antwurd op Myn brieven krigen ha en it net wiis is Myn achtinge op 'e nij te uterjen, hat dochs dizze nije leafde alle âlde regels en brûkmen brutsen.

Fertel ús net it ferhaal fan Laylí of fan Majnún's fertriet –  
Jo leafde liet de wrâld de leafdes fan lang ferlyn ferjitte.  
Doe't ienris jo namme op 'e tonge wie, rekken de leafsten fol fjoer  
En sprekkers en harkers dûnsen en tochten om tiid noch oer'.<sup>7</sup>

En fan godlike wiisheid en himelske ried [seit Rúmf]:

Eltse ljochtmoanne, o myn leafste, haw ik trije dagen in healwize tiid.  
Hjoed is dêrfan de earste dei – dêrom sjochst my sa bliid.

Wy hearden dat Jo reizge hawwe nei Tabríz en Tiflis om wiisheid te  
fersprieden, of dat in oare hegere bedoeling Jo brocht hat nei Sanan-  
daj.<sup>8,9</sup>

O, Myn emininte freon! Dyjingen dy't foarútgean op it mystike paad  
binne der fan fjirderlei aard. Ik sil se yn 't koart beskriuwe, dat de gra-  
den en kwaliteiten fan elke aard Jo dúdlik wurde meie.





## De Earste Fallei

As it doel fan de reizger it sykjen fan de **Langferbide (Maqsúd)** is: dy steat hat te krijen mei it sels – en dat sels is “It Sels fan God, yn Him ferkearend mei wetten.”<sup>10</sup>

Op dat flak wurdt it sels net fersmiten mar bemind; it is tige noflik en moat net mijd wurde. Alhoewol’t dat flak yn it begjin it ryk fan konflikt is, dochs rint it út yn it berikken fan de troane fan swidens. Lykas der sein is: “O Abraham fan dizze dei, O freon Abraham fan de Geast! Deadzje dy fjouwer rôffûgels,”<sup>11</sup> dat sadwaande nei de dea it mystearje fan it libben ûntliisd wurde mei.

Dat is it nivo fan de siele dy’t God behaget. Dat beskriuwt it fers:

O do, siele dy’t alhiel oertsjûge is,  
Gean werom nei dyn Hear, bliid en mei wolnimmen fan Him:<sup>12</sup>

En dat beslút mei:

Kom yn de rûnte fan Myn tsjinnern  
En nim dyn yntrek yn Myn paradys.

Dy steat hat gâns tekens en ûntelbere bewizen. Dêrom is der sein: “Neitiid sille Wy harren Ús tekens yn de ierdske regioanen en yn harsels sjen litte, oant it har dúdlik wurde mei dat it de wierheid is,”<sup>13</sup> en dat der gjin God is útsein Hy.

Men moat dan it boek fan jins eigen siele lêze, leaver as ien of oare retoaryske ferhanneling. Dêrom hat Hy sein: “Lês dyn boek: Do hast gjinien oars as dysels nedich om op dy dei rekkenskip te jaan.”<sup>14</sup>

Der is it ferhaal dat ienris in mystike wittende op 'en paad gyng mei as reismaat in gelearde grammatikus. Sy kamen oan de kust fan de See fan Swidens. De wize smiet himsels fuortdaliks yn de baren, mar de gelearde stie djip yn prakkesaasjes en redeneeringen lykas wienen dat wurden, op wetter skreaun. De wize rôp him ta: "Wêrom komst my net nei?" De gelearde antwurde: "O myn broer, ik doar net fierder te gean. Ik moat nedich wer omkeare." Doe rôp de wize: "Ferjit watsto lêzen hast yn de boeken fan Sîbavay en Qawlavay, fan Ibn-i-Hâjib en Ibn-i-Mâlik,<sup>15</sup> en stek it wetter oer."

De dea fan it sels is hjir frege, gjin retoryk:  
Wês neat dan en rin op de weagen.<sup>16</sup>

Lykas der skreaun is: "Hear net ta dyjingen dy't God fergetten binne en dy't Hy dêrom harren eigen sels ferjitte liet. Dy hawwe it net goed dien."<sup>17</sup>



## De Tredde Fallei

As de leafdefolle sikers ûnder it berik fan de **Bekoarlike (Majdhúb)**<sup>26</sup> libje wolle: dan mei gjin siel op dy Keninklike Troane ferbliuwe útsein de skientme fan leafde. Dat ryk kin mei wurden net beskreaun wurde.

Leafde mijt beide wrâlden, dizze en jinge,  
Mei deryn twaensantich dwylsinnigens.  
Leafdes minstreele harpet ûnderwilens it liet:  
Tsjinstberens makket ta slaaf en keningsskip ferliedt.<sup>27</sup>

Dat nivo freget suvere tagedienens en de skitterjende stream fan kam-  
meraatskip. By it neamen fan dy selskipslju yn de Grot sei Hy: “Hja  
sprekke net oant Hy sprutsen hat en hja folgje Syn biedwurd op.”<sup>28</sup>

Op dy trime is noch it masterskip fan de rede noch it gesach fan it sels  
genôch. Dêrom hat ien fan de profeten fan God frege: “O ús God, hoe  
sille wy ta Jo komme?” En it antwurd kaam: “Lit dysels benefter en  
kom dan My benei.”

Dat binne dyjingen dy't ornearje dat it leechste plak ien en itselde is as  
de troan fan gloarje en foar wa't it hôf fan skientme net ferskilt fan it fjild  
fan striid yn de saak fan de Beminde.

De bewenners fan dy trime sprekke gjin wurd – mar litte harren striid-  
hynders fjouwerje. Hja sjogge allinne de ynderlike werklikheid fan de  
Beminde. Alle ferstannige wurden binne foar harren sûnder doel en  
sinleaze wurden binne fol betsjutting. Hja kinne noch it iene lid ûn-  
derskiede fan it oare, noch de iene kant fan de oare. De loftspegeling  
is foar har de wiere rivier en fuortgean is weromkomme. Dêrom waard  
der sein:

It ferhaal fan Jo skientme kaam ek de deling fan 'e kluzener yn,  
Gek fan langstme socht hy de herberch wê't hannele waard yn wyn,  
Mar leafde foar Jo helle syn fort fan geduld hielendal del  
En pine smiet foar de doar fan hope in barrikade del.<sup>29</sup>

Yn dy tastân rie skaffe hat perfoarst gjin doel.

De learaar fan de leafsten is de Beminde Syn gesicht,  
Syn skientme har ûnderrjocht en har ienichste boek.  
Leare fan ferwûndering en langjende leafde is plicht,  
Gjin learde leksums en toarre dogmatyk.  
Syn hier mei muskusrook is de keatling dy't bynt,  
De Syklyske Oardering<sup>30</sup> allinne mar in opstap nei Him.<sup>31</sup>

No folget in smeekebea ta God, de Ferhevene, de Ferhearlike:

O God! O Jo Waans goederjouskens winsken ynskewielt!  
Ik stean foar Jo, alles útsein Jo ferjittend.  
Stean ta dat dit stofke kennis yn myn geast  
Ûntkomt oan begear en ierdske mearje.  
Stean ta dat Jo âlde jefte, dy drip ferstân,  
Opgiet yn Jo machtige see.<sup>32</sup>

Alsa sis Ik noch:

Der is gjin krêft of macht útsein yn God, de Beskermer,  
de Sels-Besteande.<sup>33</sup>



## De Fjirde Fallei

As de mystike wittenden hearre ta harren dy't de skientme fan de **Beminde (Mahbúb)** berikt hawwe: dy steat is de top fan it bewustwêzen en it geheim fan godlike lieding. Dat is de kearn fan it mystearje: "Hy docht wat Hy wol, beskikt wat Hy útkart."<sup>34</sup>

Soenen alle bewenners fan ierde en himel dy ljochtsjende taspiling, dat donkere riedsel, oant de Dei dat de trompet klinkt, ûnttize, lykwols soene hja fale sels mar in letter derfan te begripen. Want dat is de steat fan Gods net te feroarjen dekreet, Syn foarbeskikte mystearje. Dêrom, doe't sikers dernei fernamen, antwurde Hy: "Dat is in see sûnder boaiem dy't gjinien ea befiemje sil."<sup>35</sup> Doe't hja nochris fregen, antwurde Hy: "It is de swartste nacht wêtroch gjinien it paad fine kin."

Wa't mei dat geheim bekend is dy sil it perfoarst ûnder de balken bliuwe litte en soe hy ek mar it lytste swymke wrâldkundich meitsje dan soe men him oan it krús neilje. Dochs, by de Libbene God, as der in wiere siker wie dan soe Ik it him iepenbierje, want der is sein: "Leafde is in ljocht dat nea yn in bangich herte ferbliuwt."

Wierliken, de paadrinder dy't ûnderweis is nei God, nei de Karmozynreade Pylder yn it sniewite paad, sil nea ta it himelsk doel komme of it moat wêze dat hy ôfsjocht fan alles wat minsken besitte: "En as hy God net frezet dan sil God him alle dingen freezje litte, wylst hy, dy't God frezet, fan alle dingen freze wurdt."<sup>36</sup>

Praat Perzysk en dochs sil de Arabier dy mear tewille wêze,  
Gâns talen stean in minner ta syn foldwaan.<sup>37</sup>

Hoe swiet is dat kûplet dat sa'n grutte wierheid iepenbieret:

Sjoch, as skulpen gean ús herten iepen  
wannear 't Hy genede as pearels reine lit  
En lyksa is ús libben in maklik wyt as Hy pynlike pylken smyt.

En as it net yn striid wie mei de Wet fan it Boek dan soe Ik wier in part fan Myn besittings tameitsje oan him dy't my deadwaan woe en Ik soe him myn hear neame, ja, Ik soe him erfberjochtige meitsje, tank besjûgje en besykje Myn eagen te ferhelderjen mei it beruorjen fan syn hân. Mar wat kin Ik dwaan? Ik haw gjin besittings en gjin macht – wat God sa beskikt hat.<sup>38</sup>

Op dit pas mien ik de rook fan Syn gewaad<sup>39</sup> te fielen en taasten, útdriuwend fan it Egypte fan Bahá.<sup>40</sup> Hy liket wierlik tichteby te wêzen hoewol't hja Him fier fuort tinke.<sup>41</sup> Myn siel azemet it parfum yn dat ústrielet fan de Beminde en myn sinnen binne ferfolle fan de swietrook fan Myn dierbere Selskipsman.

Lokkige dagen, foarbygien yn fleurige sang:  
Hearsum west ha oan leafde-plicht, jierrenlang.  
Ierde en himel meie hjoed yn blydskip weromtinke  
En freugde oan ferstân, hert en eagen bringe.<sup>42</sup>

Dat is it ryk fan uterst bewustwêzen en jinsels folslein weisiferjen. Sels leafde is gjin paad dêrhinne en ferlangst kin dêr net ferkeare. Dêrom is der sein: "Leafde is in wale tusken de minner en de beminde." Dêr wurdt leafde alhiel tûkelteammen, om't al it oare útsein Hij is allinne mar in barriêre. De wize Saná'i hat skreaun:

Nea sil it ynkluske hert de Steller fan Herten benei komme,  
Nea de ferhoalen siel him ferienje mei de swide roas.

Want dat is it ryk fan absolút gebod en frij fan alle ierdske attributen.

De ferheven ynweners fan dat hearehûs hawwe godlike autoriteit yn it hof fan ekstaze en hja drage mei folsleine blidens in keninklike skep-

ter. Op de hege sit fan rjochtfeardigens kundigje hja harren hiten en stjoere jeften del neffens elkeniens fertsjinste. Dejingen dy't drinke fan dy tsjelke ferkeare yn de hege priëlen fan gloarje boppe de Troan fan de Alâlde fan Dagen en hja ferbliuwe yn de heechste himel fan macht yn it Eabel Paviljoen: "Neat sille hjā gewach wurde fan stekkende sinne of glûpende kjeld."<sup>43</sup>

Dêrby binne de hege himelen noch yn konflikt mei de dimmen ierde, noch besykje hja dy te oertreffen, want hja binne yn it lân fan gene-de en net yn it ryk fan ferskil en ûnderskied. Alhoewol't dy sielen op elk momint in oare tsjinst ferfolje dochs bliuwe hja hieltyd yn deselde tastân. Dêrom is oer dat ryk skreaun: "It iene wurk wjerhâldt Him net fan it oare."<sup>44</sup> En dan is der noch sein: "Elke dei hâldt in nij wurk Him dwaande."<sup>45</sup> Dat is it fiedsel, de smaak dêrfan feroaret net en de kleur dêrfan wiziget net. Ite jo derfan dan sjonge jo grif it fers: "Ik rjochtsje myn antlit ta Him Dy't de himelen en de ierde skepen hat ... Ik bin net ien dy't oan de iene God oare goaden taheakje wol."<sup>46</sup> "En sa lieten Wy Abraham it Keninkryk fan Himel en Ierde sjen, dat Hy hearre mocht ta de wittenden."<sup>47</sup> Dêrom, stek de hân yn eigen boezem, strek him dan mei krêft foarút en sjoch, jo sille dat ûnderfine as in ljocht foar de hiele wrâld.<sup>48</sup>

Hoe kristallijn is dat koele wetter dat de Hofskinker bringt! Hoe helder is dy kleare wyn yn de hannen fan de Beminde! Hoe delikaat dy dronk fan de Himelske Tsjelke! Mei it dejingen goed dwaan dy't dêrfan drinke en fan dat swiet priuwe en ta dy kennis komme.

It is net foechsum dat ik jo noch mear ferhelje,  
Om't it bêd fan'e stream kin net de see omfetsje.<sup>49</sup>

Want it mystearje fan dy utering is ferburgen yn it pakhús fan de Grutte Ûnfeilberens<sup>50</sup> en opslein yn de skatkeamers fan macht. It is hillige boppe de juwielen fan eksplikaasje en is fier foarby fan wat de meast subtile tonge sizze kin.

Dêr wurdt ferwûndering gâns op priis steld en uterste earmoed is es-sinsjeel. "Earmoed is myn grutskens." <sup>51</sup> En nochris: "God hat in folk ûnder it ferwulft fan gloarje, dy't Hy ferberget yn de klaaiïng fan strielj-ende earmoed."<sup>52</sup> Dat binne dyjingen dy't sjogge mei Syn eagen en hearre mei Syn earen, sa't it skreaun is yn de bekende tradysje.

Dat bewâld oangeande binne dêr gâns tradysjes en gâns fersen, fan algemiene of spesjale relevânsje, mar twa derfan sille genôch wêze om as in ljocht te tsjinjen foar minsken fan hert en ferstân.

De earste is Syn ferklearring: "O, Myn Tsjinner! Hear nei My en Ik sil jo meitsje lykas Mysels. Ik sis 'Wês' en it is en jo sille sizze 'Wês' en it sil wêze."

En de twadde: "O, Soan fan Adam! Sykje mei gjinien freonskip oant jo My fûn hawwe en as jo nei My longerje sille dan sille jo My tichtoan fine."

Hokfoar hegere bewizen en bjusterbaarlike taspilingen dêryn ek op-neamd binne, achtsje allinne mar ien letter dêrfan, ien inkeld punt. "Sa hat altyd it paad fan God west ... en gjin feroaring is der te finen yn it paad fan God."<sup>53</sup>

In hoart lyn doe't Ik oan Jo tocht, bin Ik mei dit skriuwen út ein set en, om't Jo brief doe noch net oankommen wie, steane yn it begjin wat ferwitings. Mar no hat Jo nije missive dat gefoel ferdreaun en bringt it My derta Jo te skriuwen. Prate fan Myn leafde foar Jo Emininsje is oerstallich. "God is genôch as tsjûge!"<sup>54</sup> Wat Syn Emininsje Shaykh Mohammed – Mei God de Ferhevene him seinigje! – oanbelanget, sil Ik Mysels beheine ta de neikommende twa fersen dy't, wat Ik fersykje mei, him oerlange wurde: .

Ik sykje jo neite, leaver as de swiete himel,  
Ik sjoch jo antlit, sierliker as paradyslike priëlen.<sup>55</sup>



Doe't Ik dat boadskip fan leafde oan Myn pinne tafertroude, koe dy de lêst net drage en foel yn ûnmacht. En doe't er wer ta himsels kaam, spriek er en sei: "Gloarje oan God! Ta Jo kear ik my yn berou en ik bin de earste fan dejingen dy't leauwe."<sup>56</sup> Eare oan God, de Hear fan de wrâlden.

Lit ús ferhelje, in oare kear,  
Fan fertriet en pine yn 't ferline.  
Lit ús yn oarewei beskriuwe, nochris  
Leafdes heimenis, wer en wer en iderkear.  
Ferjit bloed en geraas en mear fan soks sear,  
En praat net wer fan Shams-i-Tabriz.<sup>57</sup>

Mei frede reste op Jo en op dejingen om Jo hinne en dy't Jo moetsje.

It is skreaun en Ik beslút no foardat it opiten wurdt troch de miggen, sa swiet is de inket. Sa't Sá'di seit: "Ik sil ophâlde mei noch langer te skriuwen, want myn swiete wurden hawwe om my hinne de miggen oanlutsen."

De hân kin net mear skriuwe en bepleitet dat it genôch is. Dêrom sis Ik: "Fier ferheven is de gloarje fan jo Hear, de Hear fan almacht, majestueuzer as wat hja taskriuwe oan Him."<sup>58</sup>



## NOATEN

Yn de referinsjes nei de Koaran binne de soera's nûmere neffens it orizjineel, wylst de fersnûmers de Ingelske Rodwell-oersetting folgje, dy't somtiids inkelde nûmers ferskilt fan oare oersettings.

- 1 Út de *Mathnaví* (spr. út: Masnavi) fan Jalálu'd-Dín Rúmí (1207-1273).
- 2 Fers fan Sá'dí, Muslihu'd-Dín fan Shíráz (ca. 1184-1291), ferneamde auteur fan de *Bustán (tún)*, de *Gulistán (Roazetún)* en oare poëtyske wurken.
- 3 Perzyske siswize fan in minske dy't it gau oerjout. Sa as hjir brûkt, is de betsjutting dat de *Shaykh* miskien tocht hat dat syn status as mystyk lieder yn opspraak komme koe as de nije wierheid troch Bahá'u'lláh bybrocht waard.
- 4 Koaran 41:30
- 5 Koaran 11:114, 42:14
- 6 Sá'dí, sj. 2
- 7 Sá'dí, sj. 2
- 8 D.i. Senna, de haadstêd fan de Perzyske provinsje Kurdistán.
- 9 Dizze ynlieding ta *De Fjouwer Falleien* is skreaun yn de subtylste Perzyske brievestyl. De regels by dat klassieke brievekriuwen fereaskje sitaten út letterkundige wurken en ek betsjûgingen fan bliuwende leafde foar de adressedearde, dy't hjir tagelyks lekke wurdt om't er de skriuwer fersleauke hat.
- 10 Hadíth, d.i. Islamityske oerlevering.
- 11 De *Mathnaví*, sj. 1. Rúmí fertelt hjir in ferhaal fan fjouwer kweade fûgels, dy't deade waarden en dêrnei feroaren yn fjouwer leaflike fûgels. Dy allegory ferwiist nei it bedimjen fan minne eigenskippen en de feringing dêrfan troch goede.
- 12 Koaran 89: 27-30
- 13 Koaran 41:53

- 14 Koaran 17:15
- 15 Ferneamde skriuwers fan grammatika en retoarika.
- 16 De *Mathnaví*, sj. 1
- 17 Koaran 59:19
- 18 In eigenskip fan God en ien fan de titels fan Mohammed.
- 19 Priizgjensweardige Steat (Maqám-i-Mahmúd) is de rang fan Profeten dy't mei stânfêstigens bejeftige binne.
- 20 Koaran 18:16. Dat is in ferwizing nei de steat fan folslein leauwen. De selskiplju fan de Grot wurde identifisearre mei de iere kristlike martlers.
- 21 Koaran 24:37
- 22 Koaran 2:282
- 23 Hadíth, sj. 10
- 24 Koaran 37:59
- 25 Koaran 2:151
- 26 Dy godlike eigenskip dy't alle skepsels ta Him oanlúkt.
- 27 De *Mathnaví*, sj. 1
- 28 Koaran 21:27
- 29 Sá'dí, sj. 2
- 30 De Syklus Teory fan Abu-'Alí Síná (Avicenna, 980-1037) as troch him ûnder wurden brocht yn it neikommende kwatryn, sj.ek Beändere Fragen, 81 (noch net ferfryske):

Eitse foarm en eltse stalte dy't hjoed fergiet,  
 Wurdt feilich opburgen yn 'e skatkeamer fan de Tiid.  
 Wannear't de wrâld him kantelet nei de eardere bron,  
 Bringt Hy út it unsichtbere wei harren antlit werom.

- 31 De *Mathnaví*, sj. 1
- 32 De *Mathnaví*, sj. 1
- 33 Út: Koaran 18:37
- 34 Koaran 2:254, 5:1 ensf.
- 35 Oanhaal, taskreaun oan 'Alí, skoansoan fan Mohammed.
- 36 Dy oanhaal is yn it Arabysk.
- 37 De *Mathnaví*, sj. 1

- 38 Dat wie útbrocht foar de 'Deklaraasje fan Bahá'u'lláh (1863)'.  
De neikommende rigels ferwize nei it ophannen wêzen fan Syn  
Manifestaasje.
- 39 Letterlik: it gewaad fan *Há*.  
Dat is de letter 'H' en betsjut dêr Bahá.
- 40 Dat ferwiist nei it ferhaal fan Jozef,  
yn de Bibel sawol as yn de Koaran.
- 41 Dat ferwiist nei dejingen dy't noch net de ophannen wêzende  
komst ferwachtsje fan Him Dy't troch God  
manifestearre wurde sil.
- 42 De *Mathnaví*, sj. 1
- 43 Koaran 76:13
- 44 Dat sitaat is fan in kommentator op Koaran 55:29; fgl. it  
wurdboek *Lisanu'l-'Arab*.
- 45 Koaran 55:29
- 46 Koaran 6:79
- 47 Koaran 6:75
- 48 fgl. Koaran 7:105 ensf. en Hadíth, sj. 10
- 49 De *Mathnaví*, sj. 1
- 50 'Ismat-i-Kubrâ, de ûnferoarlike eigenskip fan de Godlike  
Manifestaasje.
- 51 Mohammed
- 52 Hadíth, sj. 10
- 53 Koaran 33:62, 48:23
- 54 Koaran 4:164
- 55 Sá'dí, sj. 2
- 56 Koaran 7:140
- 57 De *Mathnaví*, sj. 1  
*Shams-i-Tabríz* is in súfí dy't grutte ynfloed útoefene op  
Jalálu'd-Dín Rúmí. Hy wist dy syn oandacht om te bûgen fan  
wittenskip nei mystyk. In grut diel fan Rúmí's wurken is wijd  
oan him.
- 58 Koaran 37:180